

Beslútelist Kolleezjefergadering

Datum	14-02-2023
Tiid	9:00 - 12:30
Lokaasje	B&W keamer
Foarsitter	drs. L.J. Gebben
Oanwêzigen	L.J. Gebben (boargemaster), C.M. de Pee (wethâlder), T. Willemsma (wethâlder) en B. van Zandbergen (wethâlder), H.M. van Gils (sekretaris) en R. van der Wal (bestjoerssekretaris).

De beslutenlijst is in het kader van de Fryske wike deze week in het Fries. Heeft u behoefte aan een vertaling naar het Nederlands, neemt u dan contact op met ons op via 14 0511.

De beslútlíst is yn it ramt fan de Fryske wike dizze wike yn it Frysk. Hawwe jo ferlet fan in oersetting nei it nederlânsk, nimme jo dan kontakt op mei ús op fia 14 0511.

1 **Iepening**

De aginda is fêststeld.

2 **Fêststelling beslútlíst d.d. 14 febrewaris 2023**

de beslútlíst is mei wizigings fêststeld.

3 **Iepenbiere stikken**

3.1 **Beliedskader Risikomanagement**

Portefúljuhâlder: T. Willemsma
Registraasjenûmer: S2023-00342
Ofdieling: Koncernkontrol

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. In te stimmen mei it beliedskader Risikomanagement;
2. It beliedskader Risikomanagement foar fêststelling foar te lizzen oan de ried;
3. De ried te freegjen yn te stimmen mei de nedige begruttingswiziging fan struktureel € 13.000 jiers en trije jier lang ynsidinteele € 13.000 jiers om ynfolling te jaan oan it beliedsramt en de útfiering dêrfan te lizzen by de Wurkmaatskippij.

3.2

Nota ferbûne partijen

Portefúlgehâlder: T. Willemsma
Registraasjenûmer: S2023-01669
Ofdieling: Koncernkontrol

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. De Nota Ferbûne Partijen 2023-2026 fêst te stellen en
2. De Nota Ferbûne Partijen foar fêststelling oan de gemeenteried oan te bieden.

3.3

Beliedsplan Foarkomme Fraude, Misbrûk en Uneigentlik gebrûk

Portefúlgehâlder: T. Willemsma
Registraasjenûmer: S2023-00342
Ofdieling: Bedriuwsfiering - Finânsjes

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. Yn te stemmen meit it beliedsplan Foarkomme Fraude, Misbrûk en Uneigentlik gebrûk;
2. It beliedsplan ter ynformaasje oan te bieden oan de gemeenteried as taheakke by it riedsútstel Beliedskader Risikomanagement.

3.4

Fuortgong fersnellingsaginda

Portefúlgehâlder: L.J. Gebben
Registraasjenûmer: S2023-02023
Ofdieling: Bedriuwsfiering - Advys

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. De gemeenteried oer de fuortgong fan de Fersnellingsaginda Noardeast Fryslân te ynformearjen;
2. De portefúlgehâlder mandaat te jaan foar redaksje fan it riedsútstel.

3.5

Ynset drones by tafersjoch en hanthavenjen yn it fysike domein

Portefúlgehâlder: L.J. Gebben, B. van Zandbergen
Registraasjenûmer: S2022-16965
Ofdieling: Romtlik Domein - Tafersjoch, Hanthavening en Feiligens

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. Drones yn te setten as tafersjochs - en hanthaveningsmiddel yn de fysike omjouwing, spesifyk it griendomein;
2. In Data Protection Impact Assessment (DPIA) op te stellen om de privacy-risiko's yn kaart te bringen en fôar yngebrûkname fan de drones op basis dêrfan in protokol op te stellen en oan it kolleezje foar te lizzen;
3. In dêrfoar geskikte drone oan te skaffen;

4. Op syn minst 2 meiwurkers fan de ienheid Tafersjoch en Hanthavening op te lieden as dronepiloat;
5. De kosten te dekken út reguliere budzjetten (hanthaveningsmiddels en opliedingsbudzjet);
6. De portefúlgehâlder hat mandaat foar redaksje fan it riedsútstel.

3.6 Yndeksearring budzjetten Partisipaasje en útfiering Wet sosjale wurkfoarsjenning

Portefúlgehâlder: C. de Pee

Registraasjenûmer: S2022-00637

Ofdieling: Sosjaal Domein - Untwikkeling en Advys

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. De budzjetten foar Partisipaasje en de útfiering fan de Wsw foar 2023 en fierder te ferheegjen mei € 379.879 yn ferbân mei it yndeksearjen fan de kosten foar partisipaasjeoarsjenningen en de útfiering fan de Wsw;
2. De kosten te dekken út de behoedsaamheidsbuffer dy 't yn de begrutting 2023 - 2026 opnommen is;
3. De ried foar te stellen om de begruttingswiziging dy 't folget út de Beslúten 1 en 2 fêst te stellen yn de riedsgearkomste fan april en dizze ûntwikkeling mei te nimmen foar de jierren 2024 -2027 yn it mearjierreperspektyf.

3.7 Feroardering kliïntepartisipaasje Wet sosjale wurkfoarsjenning gemeente Tytsjerksteradiel 2023

Portefúlgehâlder: C. de Pee

Registraasjenûmer: S2022-00711

Ofdieling: Sosjaal Domein - Untwikkeling en Advys

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. De `Feroardering kliïntepartisipaasje Wet sosjale wurkfoarsjenning gemeente Tytsjerksteradiel 2023 ' ta fêststelling foar te lizzen oan de ried;
2. Mandaat te jaan oan it bestjoer fan Caparis NV om alle foegen dy 't fêstlein binne yn de ' Verordening Cliïntenparticipatie Wet sociale werkvoorziening Tytsjerksteradiel 2023 ', út te oefnen. Dat ûnder foarbehâld fan fêststelling fan de feroardering troch de ried.

3.8

Besteding SPUK-middelen Enerzjyarmoede

Portefúlgehâlder: B. van Zandbergen

Registraasjenûmer: S2022-20343

Ofdieling: Romtlik Domein - Ontwikkeling en Advys

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. De notysje Besteding SPUK gelden Enerzjyarmoede foar kundskip oan te nimmen;
2. Yn te stimmen mei it útstel foar de ynset fan de middels wêrby 't in grutter part fan de middels direkt by de doelgroep telâne komt;
3. De ried fia de LIST te ynformearjen;
4. De portefúlgehâlder hat mandaat foar redaksje fan it riedsútstel.

3.9

Nulmjitting tsjinstferliening

Portefúlgehâlder: L.J. Gebben

Registraasjenûmer: S2023-01581

Ofdieling: Romtlik Domein - Ontwikkeling en Advys

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. Te begjinnen mei it útfieren fan in 0 - mjitting tsjinstferliening sadat wy ús as gemeente trochrjochtsje kinne op it kontinu ferbetterjen fan ús wurkprosessen en sa foldwaan kinne oan de stelde ferwachtingen fan ús ynwenners en oan de stelde ferwachtings út it Ryk wei;
2. De kosten fan € 20.750 (€ 10.375 de gemeente) mei te nimmen yn de reguliere begрутtingswiziging fan april 2023;
3. Foarútrinnend hjirop alfêst te starten mei de 0 - mjitting fan tsjinstferliening.

3.10

Spoedoanfraach Utwreiding AZC skoalle mei trije tydlike lokalen

Portefúlgehâlder: C. de Pee

Registraasjenûmer: S2022-12806

Ofdieling: Sosjaal Domein - Ontwikkeling en Advys

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. De spoedoanfraach fan Adenium foar de tydlike útwreiding fan de AZC skoalle te honorearjen;
2. De gemeenteried foar te stellen foar de oankeap en pleatsing fan trije tydlike lokalen in bedrach fan € 535.000 beskikber te stellen;
3. Dy ynvestearing te dekken út de te ûntfangen subydzjeregeling wei spesifike útkearing tydlike ûnderwiishúsfêsting ûnthienden (€ 356.897) en de ynkomen út de ûnderwiishúsfêstingsbudzjetten asylsikers (de OHBA útkearing) út it COA wei letten op de taname fan it tal learlingen út it AZC sintrum en de statushâlders (€ 178.103);

4. De ynvestearing en de finansjele dekking te ferwurkjen yn in begruttingswiziging;
5. Opdracht te jaan foar it realisearjen fan de tydlike húsfêsting ûnder foarbehâld fan goedkarring troch de ried.

3.11 Untwerp-bestimmingsplan krúspunt N 355 - Wyldpaed West. , konsept-Beslút hegere lûdswearde en ûntwerp oanfolling wolstânsnota lokaasje Ieswei 30, Jistrum

Portefúlgehâlder: B. van Zandbergen

Registraasjenûmer: S2022-20828

Ofdieling: Romtlikk Domein - Untwikkeling en Advys

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. Yn te stimmen mei:
 - a. It ûntwerp-bestimmingsplan "Kruispunt N 355 – Wyldpaed West";
 - b. It konsept-Beslút hegere lûdswearde en
 - c. De ûntwerp-oanfolling wolstânsnota lokaasje Ieswei 30 Jistrum;
2. It ûntwerp-bestimmingsplan, it konsept-Beslút hegere lûdswearde en de ûntwerpoanfolling wolstânsnota yn prosedueren te bringen.

3.12 Oanpak swalkôffal fan 2023 ôf

Portefúlgehâlder: T. Willemsma

Registraasjenûmer: S2022-20314

Ofdieling: Behear

Beslút:

It kolleezje hat besletten om:

1. Om de oanpak foar it opromjen fan swalkôffal foar de kommende jierren fan 2023 ôf fêst te stellen;
2. De ried fia de LIST ynformearjen oer de nije oanpak foar it opromjen fan swalkôffal;
3. De portefúlgehâlder hat mandaat foar it opstellen fan in riedsfoarstel.

4 Net iepenbiere/fertroulike stikken

4.1 Oersicht fan beslúten dy't ûnder de oandacht bliuwe

Fêststeld yn de kolleezjefergadering fan 21 febrewaris 2023

Boargemaster en sekretaris fan Tytsjerksteradiel

H.M. van Gils, sekretaris

drs. L.J. Gebben, boargemaster

